

Oarder III – Mei in sike (útwreide foarm)

In kears wurdt oanstutsen (oan de peaskekears).

FREDEGROET

De frede fan de Hear wês altyd mei jimme.

En mei jo geast.

BEMOEDIGING

Us help is yn de Namme fan de HEARE

dy't himel en ierde makke hat.

Ps 124:8

GEBED FAN NEIERKOMMEN

Almachtige en barmhertige God,
foar Jo lizze alle herten iepen,
alle begearten binne Jo bekend
en gjin geheim is foar Jo ferburgen.
... gebedsstilte...

Suverje de oerlizzings fan ús hert
troch de ynjouwing fan jo hillige Geast,
sadat wy Jo fan herten leafhawwe
en jo hillige Namme grut meitsje.

Amen.

LEZING út de hillige Skrift

De skriftlêzing fan de snein of in part dêrút

[PSALM of GESANG]

Lietesuggestjes siden 217-223

FOARBEA

In persoanlik gebed foar de sike en wa't mei him of har omgeane

of

God, wy bidde Jo foar ús, minsken:
dat Jo ús libben oannimme en ús tank,

Jo dy't ús makke hawwe –

wy bidde Jo, ferhear ús.

Dat Jo oer ús komme mei jo hillige Geast

as wy de libbensmoed ferlieze –

wy bidde Jo, ferhear ús.

Dat Jo ús geduldich meitsje as wy ûnrêstich binne

en gjin frede fine –

wy bidde Jo, ferhear ús.

Dat Jo ús begripe as wy lije moatte

oan sykte en âlderdom –

wy bidde Jo, ferhear ús.

Dat Jo ús befrije as wy bang binne

en oan ússels oerlitten –

wy bidde Jo, ferhear ús.

Dat Jo ús jo goedens sjen litte as wy lilik binne

en sûndige hawwe –

wy bidde Jo, ferhear ús.

Dat Jo ús wolwêzen jouwe en in nij hert

as ús lichem ôfbrutsen wurdt –

wy bidde Jo, ferhear ús.

Dat Jo jo sinne opgean litte oer dizze wrâld

alle dagen fan ús libben –

wy bidde Jo, ferhear ús.

Hear ús God,

mei dizze wurden bidde wy ta Jo

en mear as wy sizze kinne

libbet yn ús hert.

... *gebedsstilte*...

Wy leauwe fêst

dat Jo ús al hearre

foar't wy útsprutsen binne.

Jo dy't der binne foar ús,

jo minsken yn ivichheid.

Amen.

of (by in ernstich sikenien)

Wannear't wy gean moatte

by de grinzen fan it libben lâns,

dêr't sykte ús lyts makket,

ûnwis en ôfhinklik,

lit ús libben dan net yn de eangst ferwurde.

Lit der minsken wêze

dy't ús beethâlde:
doch sels jo Namme eare oan
en lit Jo fine
as wy Jo sykje.

As libjen pynlik wurdt,
it brekber lichem ferfalt:
lit der in omearming bliuwe
dy't ús draacht.

Foar wa't fjochtsje
mei wat driget en him opdocht,
deadlik ûnwis makket:
dat noait de nacht sa djip wêze kin
of Jo binne der.

Wannear't de oere
fan ús dea komt,
dan bidde wy
dat wa't ús dierber binne
ús as jo ingels begeliede;
dat wy it libben dat wy wiene
oan Jo weromjaan kinne
yn it ljocht, dêr't Jo
it sa lang mei seinige hawwe.

Amen.

TAFELGEBED

Seinige, o God, wês jo Namme,
dy't ús aloan trochdien is,
troch alle ieuwen hinne en oeral,

sa'n soad is ús ûntkommen of ûntnommen,
yn it neat opgien of spoarleas weiwurden
yn it swier geweld fan 'e tiden,

mar mei jo Namme binne Jo tichteby bleaun,
mei alles wat dêr feilich yn steld is,
ienris en foargoed, foar in elk fan ús,

troch Jezus Kristus, ús broer,
oan wa't Jo de namme jûn hawwe
dy't boppe alle nammen útgiet,

nederich oant de bittere ein,
hat Hy it brea nommen, it brutsen,
en sein: 'Dit is myn lichem foar jimme',

sa hat Er ek de beker nommen, en sein:
'Dit is it nije ferbûn yn myn bloed,
doch dat om My te betinken',

**betink Jo ús, rop ús by de namme,
wês hjir oanwêzich troch jo Geast,
ta ús fertreasting en frede,**

fernij it oansjen fan dizze ierde,
ferienje ús mei wa't ús foargien binne
op de wei fan leauwe, hope en leafde,

en behoedzje yn ús it fisioen fan jo Ryk,
bewarje yn ús de hope op dy foltôge tiid,
dêr't jo Namme yn wêze sil: 'Alles yn allegearre'.

GEBED FAN DE HEAR

MIENSKIP FAN BREA EN WYN

by it dielen fan brea en wyn

It brea, dat wy brekke,
is de mienskip mei it lichem fan Kristus.
[Nim, yt, betink en leau,
dat it lichem fan ús Hear Jezus Kristus
jûn is ta in folsleine fermoedsoening
fan al ús sûnden.]

De beker fan de tanksizzing,
dêr't wy de tanksizzing mei útsprekke,
is de mienskip mei it bloed fan Kristus.
[Nim, drink allegearre dêrút,
betink en leau,
dat it kostber bloed
fan ús Hear Jezus Kristus
fergetten is ta in folsleine fermoedsoening
fan al ús sûnden.]

of

It lichem fan Kristus, foar jimme jûn.

Amen.

It bloed fan Kristus, foar jimme fergetten.

Amen.

TANKGEBED

Hear ús God,
Jo binne mei ús op wei gien.
Wy mochten Jezus, jo Soan, weromkenne
yn it wurd dat Er ta ús spriek
en yn it brea dêr't Jo ús mei sterke hawwe.
Bliuw by ús,
dat wy diele meie yn jo leafde en frede.
Troch Jezus Kristus, ús Hear,

Amen

of

Lit al wat yn my is de HEARE loovje,
it djipste fan myn wêzen syn hillige namme priizgje.

**Lit al wat yn my is de HEARE loovje,
en net ien fan syn woldieden ferjitte.**

Al dyn sûnden ferjout Er,
fan al dyn kwalen makket Hy dy better.

Dyn libben keapet Er los út it grêf.

Hy kroanet dy mei geunst en erbarming. Ps 103:1-4

LIET

Lietesuggestjes siden 217-223

SEINE

De HEARE sil dy seinigje en behoedzje.

De HEARE sil dy mei it ljocht fan syn antlit beskine
en is dy genedich.

De HEARE keart syn antlit nei dy ta en sil dy frede jaan!

Amen.

of

Frede wês yn jo libben,
ljocht yn al jo soargen,
yn de Namme fan de Heit en de Soan en de hillige
Geast.

Amen.